US WURK LVI (2007), p. 170

(1356 Op it mêd 3-4)

wumkes.nl. Digitale Historische Bibliotheek Friesland.

It wurdt de heechste tiid om yn dizze rubryk it omtinken te freegjen foar in alderaardichst inisjatyf fan Tresoar, de Fryske Akademy en it Ljouwerter stedsargyf. Op it ynternetadres http://www.wumkes.nl wurde ynskende âldere publikaasjes op it mêd fan ‘e Fryske kultuerskiednis yn pdf-formaat foar in grut publyk tagonklik makke. It binne benammen njoggentjinde-ieuske útjeften, mar dy net allinnich. Om in yndruk te jaan wat in trochsneed frisist allegearre fine kin, folget hjir in koart oersjoch. Grammatika’s binne der fan Van Blom, Colmjon, S.K. Feitsma, Sytstra, en de Aldfryske grammatika’s fan Rask en Van Helten. Wurdboeken binne der fan Roggen (Skylgersk) en Waling Dykstra (Friesch Woordenboek). Aldfrisisten kinne ek bliid makke wurde mei publikaasjes fan Algra (17 Keuren en 24 Landrechten), De Haan Hettema (Oude Friesche Wetten; Jurisprudentia Frisica) en Von Richthofen (Rechtsquellen; Rechtsgeschichte). Fan Halbertsma binne syn Hulde en syn Letterkundige Naoogst op wumkes.nl te finen, en fan Winkler syn Naamlijst. De rige rint oars gewoan troch, en it publyk kin suggestjes dwaan foar nije oanfollings.

(siebren dyk)

Vicky Carstens, ‘Rethinking complementizer agreement: agree with a case-checked goal’, Linguistic Inquiry 34 (2003), 393-412.

Yn dit swier-technyske artikel besiket Carstens om feiten oangeande bynwurdbûging yn te passen yn ‘e nijste ûntjouwings binnen Chomsky syn minimalistysk model. Hja giet dêrby benammen yn diskusje mei in eardere analyze fan Jan-Wouter Zwart. De eigenskippen fan Fryske bysinnen mei haadwurdfolchoarder spylje dêrby in wichtige rolle.
(siebren dyk)

Eric Hoekstra & Arjen Hut, ‘Ta de nominalisearjende efterheaksels -ENS en -HEID’, It Beaken 65 (2003), 19-39.

Dit artikel besiket om op grûn fan materiaal út ‘e Fryske taaldatabank in nuansearring te jaan op besteande beskriuwings fan ‘e distribúsje fan ‘e mei inoar konkurrearjende efterheaksels *-ens* en *-heid*. De auteurs stelle dat it Nederlânsk ynfloed op dy distribúsje hat. It suffiks *-heid* komt faker foar, as it grûnwurd yn deselde of fiergeand deselde foarm ek yn it Nederlânsk foarkomt. De *-heid*-ôflieding wurdt dus stipe troch bekendens mei de Nederlânske *-heid*-ôflieding.

Oarsom jildt it ek, en dat kin ferklearje wêrom oft *-ens* sa sterk stiet nei de typysk Fryske útgong *-sk*. De tsjinnigens fan *-ens* om foar te kommen yn it earste lid fan gearsettings wurdt troch de auteurs ferklearre mei in berop op learberheidsteoryen fan in twadde taal. Der moat oars op wiisd wurde dat yn dit artikel semantyske ferskillen tusken de efterheaksels oersljochte wurde. En de "Dritte im Bunde", it efterheaksel *-ichheid*, wurdt ek net achtslein.

(siebren dyk)

Hubertus Menke, 'Ein Zensus zur Mehrsprachigkeit des nordfriesischen Regiolektraumes'. Yn: Maik Lehmberg (útj.), Sprache, Sprechen, Sprichwörter. Festschrift für Dieter Stellmacher zum 65. Geburtstag. Franz Steiner Verlag, Stuttgart (2004), 121-137 [=Beiheft 126 fan it Zeitschrift für Dialektologie und Linguistik].

Nei in wiidweidige histoaryske ynlieding docht Menke, heechlearaar foar it Nederdútsk yn Kiel, ferslach fan 'e resultaten fan in yn 1988 holden taalsosjologyske omfrage yn Noardfryslân. Wêrom oft der safolle jier letter pas oer publisearre wurdt, wurdt spitigernôch net hielendal dúdlik makke. It tal fan in 10.000 lju dy't noch knap Noardfrysk prate kinne, sa't jo dat hyltyd wer yn 'e boekjes tsjinkomme, wurdt út dit ûndersyk wol sa likernôch befestige. It komt del op in kwart fan 'e befolking yn it gebiet. Deselden kinne har mei it Platdútsk ek goed rêde. Oarsom jildt dat folle minder, mar dat leit der útsoarte ek oan dat it sprekkertal foar it Platdútsk twa kear sa heech leit. De bekende "Hochburgen" foar it Frysk (Amrum, Föhr, Bökingharde) komme yn dit ûndersyk ek wer nei foaren. Behearsking fan it Frysk hâldt net yn dat de taal ek alle dagen brûkt wurdt: mar in tredde part hie de taal de fjirtjin dagen foar ynfoljen fan it frageformulier ek werklik praat. Kwa wurdearring skoart it Noardfrysk tige heech. Mar leafst 85% fan 'e befolking soe it spitich fine as it ferdwine soe, dat is it heechste persintaazje fan alle regionale taalfarieteiten yn it gebiet.

(siebren dyk)

Henk Wolf, Ingo Laabs & Sabrina Jessen, Snååk Frasch. Fryske Akademy & AFUK, Ljouwert (2004).

Better net te witten is dit in unike útjefte: foar it earst wurdt it Frysk brûkt as fiertaal om in oar Frysk dialekt te learen. Dat oare Fryske dialekt is yn dit gefal it Mooring. It boek befettet 47 koarte lessen, dy't hyltyd besteane út in harktekst mei oersetting yn it Frysk, in stikje spraaklear en ien of mear oefeningen. Aardich binne ek de koarte Mooringer strips en de ynformative teksten dy't wat eftergrûn jouwe oer it Noardfrysk. It boek hat ek in grammatikaal kompendium en der is in moai grut tal lêsteksten opnaam. It boek is sa opset dat de kursist himsels yn prinsipe rêde kinne moat: der heart in CD by dêr't de harkteksten op te hearren

binne, en de antwurden op de oefeningen binne efteryn it boek te finen.

By de Mooringer kursus heart ek in troch Henk Wolf en Ingo Laabs gearstalde *Wurdlist Noardfrysk*, dêr't men as beswier tsjin ynbringe kinne soe dat de titel dus wat te breed is. De apart útjûne bân bestiet út twa dielen. It koartst (50 siden) is it diel mei de stekwurden yn it Mooring. Folle wiidweidiger is it part "Westerlauwersk Frysk – Noardfrysk". By de Mooringer haadwurden stiet kreas it slachte der by, en by de tiidwurden hoecht de brûker ek net lang om de ûnregelmjittige foarmen te sykjen. It falt op dat de gearstallers in goed each hân ha foar betsjuttingsferskillen en foar fêste wurdkombinaasjes.

(siebren dyk)

Alastair G.H. Walker, Die nordfriesischen Mundarten der Mittel- und Nordergoesharde. Ein Beitrag zur strukturellen Dialektologie des Nordfriesischen. Estrikken/Ålstråke 78, Kiel (2005).

In seldsum nuttige útjefte, dizze Estrik. Walker wie bysteat en spoar noch Frysktalige sprekkers op fan fjouwer doarpen yn 'e Nordergoesharde, en fan twa yn 'e Mittelgoesharde. "Insofern glich die Aufspürung der Gewärsleute gewissermaßen einer Detektivarbeit" (s. 29). Gjin niget dat syn ynlieding benammen yngiet op it grutte belang fan it dokumintearjen fan stjerrende talen en dialekten. De beide paragrafen dêrnei jouwe in moai oersjoch fan respektyflik eardere útstellen ta dialektyndielings fan 'e Goesharden en in gearfetting fan eardere literatuer oer dy dialekten. It grutste part fan it boek wurdt ynnaam troch in lûd foar lûd besykjen om it fonologyske systeem fan 'e dialekten fan dy seis doarpen op te stellen, allegearre dien binnen in bewend strukturalistysk ramt. Dêrby wurdt in grut tal wurden as bewiismateriaal opfierd, en dat is leksikologysk fansels ek net sûnder belang. Opmerklik, mar foar it Frysk ek wer net ûngewoan, is hyltyd it komplekse fokaalsysteem dat út it ûndersyk nei foaren komt. It gehiel wurdt min of mear gearfette mei in histoarysk oersjoch fan 'e ûntjouwing fan 'e fokalen út it Aldnoardfrysk wei, en dan docht bliken dat Norder- en Mittelgoesharder Frysk yndied frij skerp faninoar ferskille. It boek beslút mei in útstel ta in stavering fan 'e dialekten.

(siebren dyk)

Rolf H. Bremmer Jr, 'Old Frisian fule *and* felo *'much; many': an idiosyncracy in Germanic and Frisian perspective', NOWELE, vol. 46/47 (2005), 31-41.*

Wa't him wol ris ôffrege hat hoe't wy dochs oan dy apartige efterlike stamfokaal yn it wurdsje *folle* komme, soe dit artikel lêze moatte. Alle oare Germaanske talen hawwe of hiene in foarm dy't tebek giet op **felu*. It Wezerfrysk (Riustringsk, Wangereagersk, Wurstfrysk) slút him dêr by oan. Dy foarm kin relatearre wurde oan in Yndojeropeeske woartel mei in *e*. Der wie ek in woartel

mei in *o*, en noch ien mei in nul-graad. De lêste hawwe de oare Fryske dialekten in berop op dien, oars tagelyk mei it fier út ‘e reek lizzende Sanskryt. De meastfoarkommende Aldfryske foarm is *fule*, oan ‘e ein fan ‘e Midsieuwen ferlege ta *folle*. Yn ‘e Aldfryske teksten komt inkeld ek wol ris in foarm mei *e* foar, mar Bremmer makket oannimlik dat dat Hollânske ynfloed is. De Wezerfryske ôfwiking skriuwt er oars by eintsjebeslút ek oan frjemde ynfloed ta, hjir binne de Saksyske buorlju de kweadoggers.
(siebren dyk)

Anatoly Liberman, [besprek fan] Old Frisian Etymological Dictionary. Leiden Indo-European Etymological Dictionary Series, ed. by Alexander Lubotsky. Volume I. Leiden, Boston: Brill. Ferskynd yn Trefwoord (2006), publisearre op http://www.fryskeakademy.nl/trefwoord.

Yn wat men mei rjocht en reden wol in besprekartikel neame mei, nimt Anatoly Liberman it okkerlêsten ferskynde etymologyske wurdboek fan it Aldfrysk op it harspit. It is in seldsum kritysk besprek wurden. Sa hat Liberman opmerkings oer de kwaliteit fan it Ingelsk yn it boek, oer de krektens fan ‘e bibliografy, en oer de te wiidweidige titel (allinne it hânskrift R1 wurdt mar dutsen). Folle fûneminteler is lykwols syn krityk dat foar de Germaanske wurden fierstente maklik substraatynfloed oannaam wurdt, en dat dêrby temin de eigen fonology fan it Germaansk achtslein wurdt, noch de mooglikheid dat in taal sels nije wurden skeppe kin. Yn in reaksje besiket Robert Beekes, de learmaster fan de in jiermannich lyn ferstoarne earste auteur Boutkan, om dy en de troch Boutkan tapaste begjinsels fan ‘e Leidske etymologyske skoalle te ferdigenjen. Yn in koarte replyk toant Liberman him fan dy ferdigening net ûnder de yndruk.

(siebren dyk)

Jarich Hoekstra en-dy (útjs.), Ludvig Holberg, Erasmus Montanus eder Rasmus Berg auf Drelsdorfer Friesisch in der Übersetzung von Peter Grünberg. Fach Friesische Philologie/Nordfriesische Wörterbuchstelle der Christian-Albrechts-Universität [Estrikken/Ålstråke 79], Kiel (2006).

Skriuwers fan it Mittelgoesharder Frysk binne eins mar twa fan. De wichtichste hat Peter Grünberg (1901-1975) west. Fierwei it measte dat er op skrift set hat, is lykwols net publisearre. Dat is no oant in hichte oars wurden mei dizze útjefte fan in oersetting fan sines fan in 18de-ieuske komeedzje fan Ludvig Holberg. Ta it gemak fan ‘e brûker is it Deenske orizjineel parallel ôfprinte, en boppedat is in ienfâldige wurdlist opnaam. De útjefte wurd foarôfgien fan in ynlieding, dêr’t ûnder oare eardere Noardfryske oersettings fan Holberg, Grünberg syn libbensrin en de man syn memmetaal yn te praat komme. De oersetting wurdt beselskippe fan ferklearjende noaten.

(siebren dyk)

Jan Posthumus, 'Een elektronische taalhulp voor het Fries', Trefwoord (2006), http://www.fa.knaw.nl/trefwoord.

Yn it ynternettydskrift "Trefwoord" is in wiidweidich (myn ticht útprinte ferzje hat 13 siden) besprekartikel publisearre oer de by de Fryske Akademy útjûne *Fryske Taalhelp*. Neffens auteur Jan Posthumus is dy noch wol foar ferbettering fetber: allegearre goede foarmen wurde net honorearre, it mist oan goede suggestjes ta ferbettering fan taalflaters of de ynstruksjes dêrta binne dizenich, en sels by de stavering giet noch wol ris wat mis. It grutste part fan it artikel wurdt yn beslach naam troch in lange oanrin dêr't de tûkelteammen fan 'e Fryske stavering en de noarmproblematyk yn besprutsen wurde. Krekt omdat dat dien wurdt troch in relative bûtensteander resultearret dat yn in ynliedende tekst dy't ek foar oare bûtensteanders gaadlik wêze kinne soe.

(siebren dyk)

Willem Winters, Ut Feensters. Hoe staat het er voor. Perio, Leeuwarden (2006).

Yn in alderaardichst boekje docht Willem Winters ferslach fan syn speurtocht nei mooglike skriftlike delslaggen fan it Feensters, it Nederlânsk-Fryske mingdialekt fan It Hearrefean. It docht bliken dat de Feensters har eigen dialekt mar skraachwurk oan it pompier tabetroud hawwe. Cissy van Marxveldt en in pear bluisterige studinten yn 'e santiger jierren, dat is it ek wol sa'n bytsje. En resint in Richard Hoekstra mei "Jeugdherinneringen", mar as ik myn sin sis skimeret dêr ek wol hiel bot it Nederlânsk trochhinne. It is sa't it liket dochs al lestich om de talen útinoar te hâlden, want Winters presintearret op it omslach as foech ûndertitel ek noch in opstelrigel "Ik hè my sneinze huzzen an", en dat liket my gjin Feensters mar earder Súdhoekster Frysk. Winters hellet ek in taalsoasjologysk ûndersykje oan fan Jan Schipper út 1975, dêr't út bliken docht dat it dialekt der doe al net bêst foarstie. Winters hat it gefoel dat it Feensters no hast hielendal ferdwûn is. Soe dat miskien lykop gien wêze mei it tempo dêr't âlde gebouwen yn it plak troch de jimmeroan dynamyske gemeentebestjoerders ôfbrutsen waarden?

(siebren dyk)

Oebele Vries, 'Eine abwechslungsreiche Sprachlandschaft. Die Sprachen der nordöstlichen Niederlande mit Einschluss Ostfrieslands', Niederdeutsches Wort 46 (2006), 5-26.

Dit artikel hat earder (yn it Nederlânsk) stien yn 'e katalogus fan in útstalling yn it Grinzer museum. It is in prachtich oersjoch fan 'e eksterne taalskiednis fan it noarden fan Nederlân en Eastfryslân, en it is in goed ding dat dit ferhaal no in bettere tagonklikens krigen hat. It joech de auteur tagelyk de gelegenheid om de tekst hjir en dêr út te wreidzjen en om resinte literatuer der noch yn te ferarbeidzjen. It "abwechslungsreich" út 'e titel is in fynst: it tsjut ta-

gelyk op it ferskaat oan talen en dialekten yn it gebiet, en op it grutte tal taalwiksels dat der yn ‘e rin fan ‘e ieuwen west hat, yn ‘e sprektaal, mar benammen ek yn ‘e skriuwtaal: Latyn – Frysk – Leechdútsk – Nederlânsk/Heechdútsk. De yndieling is primêr kroanologysk, mei respektyflik de perioaden fan 1100—1400, de 15de en de 16de ieu. Lykas yn dizze rubryk al ris earder synjalearre is, dit is in poergaadlike ynliedende tekst foar studinten en oare belangstellende lju.

(siebren dyk)

Agris Timuska (útj.), Proceedings of the 4th International Congress of Dialectologists and Geolinguists. Riga, July 28 – August 2, 2003. Latvian Language Institute, University of Latvia, Riga (2006).

Dizze kongresbondel, dy’t sa’t it liket even ûnderweis west hat, befettet foar it Frysk trije bydragen dy’t it wurdich binne om synjalearre te wurden. De earste, mei de titel “Dynamic dialectology in the 21th century. The morphology and phonology of Dutch, Flemish and Frisian dialects” (pp. 62-80) stiet op namme fan it fjouwertal Boudewijn van den Berg, Ton Goeman, Piet van Reenen en Arjen Versloot. De mannen geane yn ‘e pleit foar it brûken fan âldere boarnen by dialektûndersyk. Sa kinne jo ta nijsgjirrige konklúzjes komme. Foar it Frysk is dêr bygelyks it tiidwurd *hawwe*. Der binne dialekten mei in /a/ yn ‘e stam, en mei in /ɛ/. Der is altyd tocht dat de lêste Hollânske ynfloed wie, mar dat liket nuansearder te lizzen. Der is nammentlik in tuskensône mei oer it ginneraal /a/, mar yn ‘e twadde en tredde persoan iental notiid in /ɛ/. It uterste noardeasten hat dat patroan lykwols ek, en it gebiet yn dy hoeke wie earder ek folle grutter. Nei alle gedachten is it patroan in gefolch fan ferkoarting fan in lange /ɛ:/.

Cor van Bree behannelet “Ad- positions in the Dutch language area” (pp. 81-92). Der liket in patroan te bestean dat yn sinnen dy’t in beweging oantsjutte Flaanderen foar de preposysje kiest (byg. *over de brug*), it westen fan Nederlân foar de postposysje (*de brug over*), en it noardeasten foar de sirkumposysje (*over de brug heen*). Fryslân soe him by dat lêste oanslute. Van Bree kundiget noch fierdere ûndersiken op dit mêd oan.

Perfester Werner H. Veith fan Mainz jout de earste resultaten fan in projekt “Fonologischer Atlas des Friesischen / Fonologische Atlas van het Fries” (pp. 500-513). It beslacht it grutfryske gebiet middenmank de dialekten deromhinne. Veith publisearret hjir kaarten fan *juster*, *meitsje*, *oar*, *sjippe* en *beamke*. De earste konklúzjes binne noch net spektakulêr: “1) eine eigenständige Arealität der friesischen Regionen; 2) eine tendenzielle Gebietsbildung besonders im west- und nord- z. T. auch ostfriesischen Bereich, mit einer Sonderstellung des Helgoländischen; 3) die Gebietsbildung ist das Ergebnis unterschiedlicher Lautentwicklungen”. Tsja ...

(siebren dyk)

US WURK LVI (2007), p. 176

Jarich Hoekstra, 'Dental mutation ('Dentalumlaut') in Frisian and other languages on the North Sea littoral', NOWELE, vol. 50/51 (2007), 43-62.

It ferskynsel i-Umlaut, dat in efterfokaal palatalisearret, is bekendernôch. Minder bekend is dat sokke fokalen yn 'e omkrite fan dintale bylûden ek nei foaren skowe kinne, benammen nei *s* en/of foar *n*, mar ek foar *r*. Westerlauwerske foarbylden binne bygelyks *sinne*, *simmer* en *wurd* (< *wird* < *werd*). Hoekstra jout ek foarbylden út oare grutfryske dialekten, dêr't fuortdaliks út bliken docht dat it ferskynsel frijwat diffús is. It komt oars ek yn oanswettende talen foar, benammen yn it Leechdútsk. Hoekstra hâldt it der op dat de Fryske gefallen úteinliks wolris lienwurden út dy taal wêze kinne soene. Hoewol, de oergong foar *r* hat mooglik al syn beslach krigen yn it proto-Aldfrysk. (siebren dyk)

Joke Corporaal, '"Géén pornografie". De voorgeschiedenis van een Fries eenmanstijdschrift', Zacht Lawijd 6 (2007), 82-95.

Yn it literêr-histoaryske tydskrift *Zacht Lawijd* ikkeret Joke Corporaal de publikaasjeskiednis fan it frijmoedige ferhaal "De Reade Roas" op. Auteur Anne Wadman hie der gjin betrouwen yn dat de âldmannen fan De Tsjerne it opnimme soene, en de jongbazen fan Quatrebras hie er ek op in pypfol. Troch de sjuery fan de Rely Jorritsma-priis wurdt it ferhaal op morele, en net op literêre, grûnen ôfwiisd. Uteinliks sjocht it it ljocht yn Wadman syn ienmanstydskrift *De Teannewâdder*, mar neffens Corporaal besterket dat ûndernimmen Wadman syn isolearre posysje yn 'e Fryske literatuer allinne mar. Gjin niget dat er hyltyd mear syn heil begjint te sykjen yn Hollân. In pear jier letter, yn 1961, ferskynt it ferhaal, oerset as "De Rode Roos", yn *Maatstaf*.

(siebren dyk)